

# KRYPTOGRAM 219a

## Horizontaal:

6 Goed sittend hier (4); 8 Dêr sitte swiere jonges der waarm by (10); 9 Boartersguod foar de kat (7); 10 Oan slachwurk (7); 12 Wurdt troch in agint sjitten (10); 15 De aaien lizze der njonken ynstee fan der yn (4); 16 Bril, rob en dia (15); 18 Yn alle opsichten in frou (4); 19 Leit in paad oan nei de pleats van De Ruiter en Nijdam (10); 22 Dizze oefenings wurde foarsein (7); 24 Eardske by de marine (7); 25 Besibbe oan it letterplankje (10); 26 Sterk yn pintekenwurk (4).

## Fertikaal

1 Dizze militêr rint foarop (12); 2 Hy seit de rychjes op (10); 3 De lofter suffert (6); 4 Lantsjepik (4); 5 Ferhâldingswurd (8); 7 In pel om nitelich fan te wurden (5); 11 Skilderijenseal (12); 13 De waffel stiet yn bloei (5); 14 Moaiwaarsilers (10); 17 Mominten út de finale (8); 20 Kastraat (6); 21 Stânhâlder dy't riddere is (5); 23 Ferbettere stel foar iderien (4).



As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 5 - 18 - 26 - 19 - 22 in Fryske plaknamme.

Mail dy namme nei [denksport@lc.nl](mailto:denksport@lc.nl), ûnder fermelding fan Kryptogram 219a. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: Kryptogram 219a.

De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **7 desimber** by ús wêze.

Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in boekebon ferlotte.

**BOEKENBON t.w.v. €25,-**



## Kryptogram 218a:

Plaknamme:

**BOAZUM**

**Winner Boekebon:**

Bettie Boersma-Dijkstra,  
Sneek

LEEWARDER COURANT

25-11-2023

VDM